

Trije kear neat.....

Oeps, dat wie wol even skrikken, op de **jiergearkomste** fan PBK:

Op de fraach : " wat hâldt jo op de Tille? " lies ik as antwurd : " trije kear neat "!

Mar lit ús by it begjin begjinne:

P

Moandei 18 april iepene wethâlder Max de Haan it romme, nije parkearplak oan de Goudtsjebloomstrjitte. Moai sintraal tusken de tsjerke, de skoallen en it Tillehûs is it oeral flakby. It krige as namme: " de hoannestap". In hoannestap is in koarte ôfstân. Dat fandêr. De bern fan it jeugdhonk skilderen in prachtige hoanne op in doek, mar foardat de wethâlder de namme ûnthulde, joegen de nasjonaal kampioenen fan Twirl g roep fan VIOS in skitterende demonstraasje.

Nei de feestlike iepening wie der kofje mei gebak. Doe koe de foarsitter de jiergearkomste fan PBK iepenje.

Nei it wolkom en de meidielings, waarden de Twirl kampioenen huldige.

Wy kinne grutsk wêze op dizze fleurige sporters, dy't de Tille posityf op de kaart sette!

Nei de notulen en it jieroersjoch, keazen we foarsitter Sake vd Meer foar in nije perioade yn it bestjoer. It foldocht skoan fan alle kanten, dat wy binne bliid dat er him fannijs ynsette wol foar ús doarp.

Út it jieroersjoch docht bliken dat we as bestjoer troch it jier hiel wat " by de kop ha".

It iene is wat dreger as it oare, en it freget allegear tiid en oandacht. Mar it bliuwt fan belang dat we meielkoar as bestjoer en leden fan PBK, op de slach passe en op ús iepenst binne!

De sinterij wie tige kreas fersoarge troch de ponghâlder, mar it hâldt net oer. Wy binne in earmlestige feriening. It wurdt noch spannend oft we as PBK yn 2020 de 100 jier helje!

Foarlopich binne we lykwols noch sa libben as wat..

It jeugdwurk, ús " dochter ûndernimming" is sá aktyf, dat Dineke der in eigen ferslach fan an joech. Ek hjir hinget in soad ôf fan de ynset fan bestjoer en frijwilligers. Dat falt net al tyd ta, mar elk koe hearre dat der mei hert en siele wurke wurdt, yn it belang fan de Tilster jeugd!

Fan in hiel oare oarder is de - mooglike - komst fan in Biofergister oan de Westkern, boppe op de gasleidingen !

As doarp hâlde we ús hert fêst. Wethâlder vd Veen fersekert ús dat dy fergister der net komt as de boel net feilich is. Dêr bin we bliid om, mar noch net oertsjûge. It giet om de kennis fan nó. Mar as it yn de takomst ál mis giet is de heale Tille wei. En dan ha we der neat oan dat it der op papier echt goed útseach!

De N 369, de oanpak fan de Koaten, wurdt troch de provinsje drok oan wurke. Mei de buert en PBK binne plannen makke, en no is it aanst oan de útfiering ta. De gemeente hat, op fersyk fan de bewenners, tasein der foar te soargjen dat it fytspaad goed ferljochte , en dêrmei in stik feiliger wurdt.

Wy dogge mei oan it " zwerfafval projekt" fan de gemeente. Ferieningen yn it doarp kinne in "himmelrûntsje " hâlde. De losse rommel wurdt opsocht, sadat it doarp wer kreas en skjin is. De himmelders krije in moaie ynstruier foar har feriening. PBK organisearret en kriget sels ek in bydrage. Dit wurdt betelle troch in subsydzje fan de ferpakkingsindustry en duorret oant 2022. Der binne 5 rûndes yn it jier. Der is foar dit jier al genôch animo!

Nei it skoft wie it oan it omfreegjen ta. Ús leden binne belutsen by it doarp en dat die wer bliken. Der wiene û.o. in tal fragen dy't mei de netheid en it ûnderhâld te meitsjen ha. Elk kin by de gemeente self in melding dwaan oer rommel of gefaarlike sitewaasjes, losse tegels etc. Der wie in fraach oer it net mear flagjen mei offisjele feestdagen. Sawol de Balkwar as it Tillehûs ha tasein it goede foarbyld te jaan.

Doe wie it oan it Tillepraat ta. **"De Tille en de takomst."**

Wy fine it hiel nijsgjirrich om meielkoar fan gedachten te wikseljen oer wat ús as doarp dwaande hâldt.

Wy hienen in oantal fragen betocht dêr't yn tafel-groepen oer praat wurde koe. Mei help fan Gialt syn pet, hiene we groepkes lotte. Der waard drok diskusearre oer de ûnderwerpen. De fragen gienen oer it wenjen op de Tille, de foarsjenningen, wat we meielkoar dwaan kinne om it doarp libben te hâlden en oer ús jubileum yn 2020.

Blok A gie oer it wenjen en de foarsjennings.

De fraach : **" Wat hâldt jo op de Tille?"**, krige as antwurden :

"Eigen wenning, wurk, saak, de bern wenje hjir, sosjale kontakten, wy binne hjir grutbrocht, meie hjir graach wenje, nolik doarp, fiele ús hjir thús."

By : **" Wat moatte we op de Tille foaral hâlde?"** , die bliken dat elk de fersjenning

en dy't we ha, ek hâlde wol. Skoalle, doarpshûs, winkels, ferienings én yndustry binne ûnmisber

Opfallend wiene de antwurden op de fraach : " **Wanneer hâldt it foar jo op?**".

" As de skoalle ferdwynt, foarsjenningen ophâlde, der gjin plak is foar âlderen dy't soarch nedich ha. As der gjin oanpaste wenning is, gjin starterswente. As we siik wurde, as we soarchôfhinklik wurde. En mei stip op nûmer ien : As de Biofergister hjir komt!

Blok B gie oer it wolwêzen. De earste fraach wie : " **Wat misse we op de Tille?** "

Dêr die bliken dat der hiel wat ambysje is : " In swimbad, jachthaven, skatebaan, kanoroute, ferhurde iisbaan" . Mar ek praktyske saken : brievebus bank, âlderein -wenningen, starterswenningen, misse we.

Út de fragen : " **Hoe soargje we der foar dat we it hjir noflik ha?** " En : " **Wat wolle jo foar de Tille dwaan?**" En : " **Hoe sette we Kootstertille posityf op de kaart?**" kaam dúdlik nei foarren dat we winkels, wurkgelegenheid, ûnderwiis, ferieningen, aktiviteiten, respect, frijwilligerswurk, mear foarsjenningen foar âlderen, skjinne bedriuwen en foaral : Gjin biofergister, fan grut belang fine foar de takomst fan ús doarp!

Blok C gie oer it **jubileum**. Dêr wiene ek al in oantal moaie ideeën:

"Graach aktiviteiten mei eigen artiesten, foar alle leeftiden, troch it hiele doarp en Net yn de feesttinte".

Dyselde feesttinte waard troch oaren lykwols neamd by wat we graach hâlde wolle!

Koartsein : op dizze gesellige jiergearkomste die wer bliken dat we in libben doarp binne. Wy meie hjir oer it generaal graach wenje. Wy binne wiis mei ús foarsjenningen en wurkgelegenheid en dy wolle we net misse. Wy fine it ferieningslibben en de aktiviteiten oe sa wichtich. As der genôch starterswenten komme, der foar de âlderein g oed plak is, as der goede help foar hannen is as we siik en krebintich wurde, as elk syn troep oprommet en respect toant, dan.....wenje we hjir graach!

Mar, en dat binne we allegear iens : as de Biofergister hjir komt op de Westkern, dan wolle we allegear fuort! !

En dan noch dat lêste : soms hat de warheid in skel lûd.

By de fraach: " wat hâldt jo op de Tille?" wiene der yn in groepke fan 7 minsken, trije dy't seine : " neat ". En dus stie der op it papier : "**3x niks.**" Soest se net....!!

Mar ek dizze trije Tilsters ha oe sa serieuus mei tocht oer de takomst fan ús doarp, en hearre by de minsken dy' t har ynsette om de Tille leefber te hâlden. Dat dan wer wol! En sa koe de foarsitter yn opperbêste stemming, dizze tige slagge jân slúte.

Nijsmoune simmer 2016

Goede fakânsje winske allegear,
út namme fan PBK, Lys Visser.